

Friezen teste 'heilige graal'

Trije Fryske bouboeren teste foar in Iersk bedriuw in ynnovatyf spuitsysteem. De leveransier claimt in spektakulêr besparjen op gemikaliën.

De Biltske maatskip Schuiling (fjouwer buorkerijen en sirka 300 hektare) is ien fan de trije Fryske testbedriuwen. Dizze maitiid sil harren leanwurker (*red.: Wiersma Agriworks*) by wize fan proef 1 hektare poatierappels bespuitsje mei magnetisearre gewaaks beskermingsmiddel. It nei te stribjen resultaat is, dat ferstode gemikaliën as magneten nei de gewaaksen sjitte en kleven bliuwe oan blêd en stâle. Dêrmei soe it probleem fan drift – it foar in grut part ferwaaien fan de fine drippen – oplost wêze.

Mear beskerming mei minder middel, dus tsjin legere kosten, dat is it idee.

De metoade sit yn Europa yn in testfaze, mar is yn Kenia en Ethiopie al goedkard en operasjoneel.

“Wy wurkje yn Afrika mei Nederlânske blomkewekers. Ien fan harren besparret no in kwart miljoen euro op gemikaliën”, sa sei Gary Wickham, mei-eigner fan Agricultural Magnetics Ltd.

De Ier wie juster op de buorkerij fan de famylje Schuiling oan de Hearewei ûnder Minnertsgea om de metoade ta te ljochtsjen. Ek wie de Ierske ambassadeur yn Nederlân, John Neary oanwêzich, waans regearing it bedriuw yn de begjinfaze finansjeel stipe. “Wy ha foar Nederlânske bedriuwen keazen, omdat dy op in heech nivo buorkje, se binne hiel ynnovatyf”, sa seit Wickham.

As it hjir goed giet, hat dat promosjonele wearde.

De Schuilings hâlde fan pionieren. Yn de tachtiger jierren stie it bedriuw foarop mei

grutskalige teelt fan iisberchslaad. Yn de njoggentiger jierren kamen der tsien wynturbines.

Wer letter pakte de maatskip it kuoljen, sortearjen en ferpakken op, foar harsels en foar kollega's.

De famylje is nijsgjirrich nei de Ierske technology. Dy is it ôfrûne jier al wol troch de wittenskiplike mole gien (PPO yn Lelystêd)

Mar der echt mei wurkje, mei de altyd wurkjende seewyn op de Fryske klaai, dat is it wurk.

De foarspegeljende kostenreduksje fan sa'n 25.000 euro it jier op gemikaliën laket harren ta.

“Wy tinke dat wy de heilige graal te pakken ha”, seit Wickham.

“De technology is ienfâldich en stuitet miskien krekt dêrom op twivel. De priis fan pestisiden wurdt keunstmjittich heech hâlden. Boeren kinne dêr allinne oan ûntsnappe troch minder te brûken.

Wy litte sjen hoe't dat mei dizze nije foarm fan presyzje lânbou kin.”

As oar foardiel neamt er it oanmerklike besparjen op wetter, in útkomst yn lannen mei in tekoart oan wetter. Foar lytse boeren bout syn bedriuw tsjintwurdich in draachbere ienpersoans module. Yn alle gefallen soe de ynvestearing yn it systeem him binnen in heal jier werom fertsjinne ha.

Yn Nederlân is agrarysk konsulint Hein-Willem Leeraar út Raerd agint fan de Ieren. Hy yntrodusearre earder it kweken fan mais ûnder folie.